

NIEUWSBRIEF



Editie nr 14. juli 2020

Het is best goed vertoeven in onze dorpen. Voor een vakantie kun je o.a terecht bij het Minibospark, Camping De oude Trambrug, minicamping de Singel, B&B Gastenverblijf Efkesutfanhuzje, het natuurkampeerterrein van Fries & Fraai, B&B de Braam en natuurlijk bij de Koppenjan. Waar de vriendengroep van de foto met hun VW camperbusjes er even tussenuit waren.

Er zijn inmiddels een aantal nieuwe bankjes geplaatst met dank aan de vrijwilligers voor het plaatsen. Er zijn ook nieuwe plaatsen aangedragen voor een bankje welke wij gaan bekijken. Fijn dan U meedenkt. Ook zijn er zorgen uitgesproken over verschillende fiets of ruiter routes/paden. Door middel van contact met Staatsbosbeheer, de organisatie van het fietsknopennetwerk of bijv. de Gemeente proberen wij antwoorden of oplossingen te krijgen. Misschien niet altijd naar wens, maar we hopen dat er dan wel duidelijkheid komt. Maar het liefste natuurlijk naar ieders tevredenheid een goede oplossing.



EN BIJ DEZE NOGMAALS EEN OPROEP VOOR EEN NIEUWE VRIJWILLIGER OF VRIJWILLIGERS VOOR HET HERTENKAMP. WE WILLEN DE DIEREN WEL KUNNEN BLIJVEN BEZOEKEN TOCH?! (HET SCHAAP WELKE ZIJN VACHT NIET UIT ZICHZELF KWIJT RAAKT GAAN WE EEN HANDJE HELPEN, MAAR OMDAT DAT OOK MET VRIJWILLIGERS GEDAAN WORDT MOETEN WE SOMS EVEN GEDULD HEBBEN) INFO: 0516 462733



Wij zijn genoodzaakt om uit te vliegen, maar gaan jullie natuurlijk nooit vergeten!

TEAM MR JB KANSCHOOL



Een uurtje draaiorgel muziek als verrassing voor je 84e verjaardag! Een mooi kado.



Robin met zijn prachtige vangst, een zeelt



Duckrace in de Schoterlandse Compagnonsvaart



Een nat pak voor deze spiegelkarpervisser

It is alwer in skoftsje lyn dat ik in stikje skreaun ha.

Eltsenien hat syn sechje wol dien oer de coronamaatrigels dus dêr falt net safolle mear oer te sizzen. Ja wêr dan in stikje oer skriuwe?

No moat ik eins neat fan die nederlânstalige musik ha, en ik sjoch sokke mannen as Paulus Jakje, in wrâldferneamde strijtmusikant yn hiel de Kompenije, der as grûnlizzer fan.

Dus ha ik d'r oer tocht, om yn neifolging fan die slavernij demonstranten syn byld hjir op'e tredde slûs mar fan syn sokkel te skuoren. Mar toen ik op in sneon by de fiskarre stie, ha ik dat byld ris goed besjoen, die siet wol ferrekte goed fêst, dus dat ha ik mar oer gean litten . Wer gjin ferhaal. Mar as jo geduld hawwe komt d'lr fansels wat op jo paad.

Sa moasten mem en ik ôfrûne wike nei it sikenhûs, want mem moast yn sa'n scanmasjiene. Se hienen har in wike as wat lieden, in plestiek slankje yn'e bealch treaun, en no woenen se sjen as dat ek holpen hie. Wy wienen moai op'e tiid fân hûs gien, mar ja, it wie moai waar, en dan komme de klontsjekutten ek op'e dyk, dus wienen wy mar krekt op'e tiid te plak.

By it sikenhûs moate jo no earst troch in tinte, dêr sit dan sa'n weake blei efter in stikje plestiek en die freget jo as jo ek snotterje as rochelje en sa. No nee fansels, want as jo ja sizze komme jo die toko net yn no. Dan moate jo de klauwen waskje mei wat fan dy brûs rotsoai en dan meie jo fierder. Wy kamen yn'e wachtkeamer, en dêr sieten al in pear âlde minsken. Wy seinen die minsken dag en joegen ús del. No sit ik dêr noait net salang hjer, nei in menuut as tsien is de âld bealch my dwerstroch fan die rottiche houten stuoltsjes, dus ik wer oerein.

"wat silst?" frege mem. "mige", sei ik.

Sjoch, dan ha ik even in loopke no, en kin ik moai de poaten even strekke. Ik moast eins ek skite, mar dêr wie gjin tiid foar, want as mem oproppen wurd, moat ik op har tas passe.

Toen ik fan't húske wer werom kaam wie mem ek oan'e beurt, dus joech ik my mar wer del.

No wie it dêr waarm yn dat hok, en op it lêst krije jo dêr in bek as in âlde gypie fansels.

It winkeltsje wie ticht dus dêr koe ik ek neat te fretten as te sûpen helje, dat jo krije dêr op sa'n middei gjin spui yn'e bek sis mar. Op sokke mominten woenen jo wol dat jo ferkalden wienen, dan koenen jo sa no en dan ris sa'n griene rachel troch de strôte gliedsje litte, dan krije jo dochs wat binnen no.

Mar sa ik sei, dêr sieten twa âlde minsken, en omdat ik de bek altyd yn twa hannen ha, rekke ik wat mei harren oan'e praat. Sy kamen fan oarsprong fan Noardwâlde as sa, mar hienen jieren yn'e Kompenije wenne. Nei wat hinne wer gepraat oer kinne jo die en die wol, en wêr ha jo wenne en sa, seit dat âlde wiif ynienen : "wie hebb'n joarenlang in Jubbega weunt, moat oan ien ding kun ik niet wenn'n, de minsken doar bunt so grof in'e mond.

Huh? Wy grof yn'e bek, dat falt wol in slachje ta toch?!

Jappie de Vries

Wy winsken elkenien in hiele noflike fakânsje en sjogge jimme nei de fakânsje wer werom. Groetnis fan Pleatslik Belang Jobbegea-Skuorregea-Hoarnstersweach

Plaatselijk Belang wenst U een hele prettige vakantie!

Voor meer info of om lid te worden kijkt U op www.jubbega-hoornsterzwaag.nl of mailt U naar secretariaat@jubbega-hoornsterzwaag.frl

Met dank aan Finnie de Vries, Wikje Talsma en Jappie de Vries.

Deze nieuwsbrief wordt vrijwillig samengesteld door brendahoornveldfotografie.